

De gedichtemiddei

De freeds op 6 april.

Postma is wol de dichter fan it Fryske lân, mar eigenlik de greidhoeke, neamd. Stoam yn 1963 sil hij noch suver allinne it Fryske lân kennen hawwe dat tilde fan fee en blommen, neffens de wurden fan in oare dichter. In lân as in libben wûnderskilderij, dêr’t ús it ear op it swietst dreunde fan tûzen fûgelkieltsjes, neffens in dichter hast 300 jier foar him. Wat is dêrfan oer? Is dat der noch? Helendal ûnkundich fan in nije tiid hat Postma fansels net west. Dit skreau er yn 1960 noch:

IN NIJE TIID 1960

Tsjalling fan der Fear is alhiel in Amerikaan wurden. Tegearre mei syn broer Piter hat er no 1000 kij; mar lân hawwe hja net. Dy kij hâlde ta, yn 2 keppels fan 500, op in keale lape grûn dêr’t gjin spruseltsje gers op te sjen is.

Foar dy kij keapje hja foer, dat hja bûten by it sket lâns delstruie sa dat de bisten der troch de itensgatten by kinne. Mar dat fuorjen mei net barre minder as 4 oeren foar it melken, oars koe it wêze dat de molke nei it foer smakke; En de Amerikanen binne, datoangeande, o sa keken. En alles fansels mei de masine.

Dat lies ik allegear yn in stikje yn de Sneon Sneinskrante, en it griisde my oan. En ik dan dy’t it lân net koe as er it gers net libben yn ’e hannen fiede! Dy’t net bûten de stêd wêze kin as it fjild dêr sa toar en deadsk hinne leit; Dy’t dichtsje moast, as de oere der wie, fan syn lân dat bloeide en fan alles dat dêr ta berte en stjerren kaam. It moat in oaren ien wêze as ik, dy’t fan sa’n libben fabryk sjonge kin.

It tema fan dy middei wie: *Lânskipspine*. Wat is der noch oer fan dy wrâld yn Postma syn tiid, doe’t it Fryske lân noch as in libben wûnderskilderij wie? IT FRYSKE LAN HJOED-DE-DEI, GRIIST DAT US OAN, OF LAKET IT US NOCH TA? Wij ha dy middeis op 6 april seis dichters fûn dy’t wol op ’e tekst woenen oer de pine fan dat ferdwinende lânskip, te witten Friduwih Riemersma, Elmar Kuiper, Abe de Vries, Jetze de Vries, Syds Wiersma, en as lêste Sigrid Kingma. Fjouwer dêrfan hawwe har bijdrage ek frijjûn om hjir publiseard te wurden.

Friduwih Riemersma

De langere ferzje fan dizze ferhanneling is as ‘Oars sjen: Meidwaan oan ’e Obe Postmamiddei’ te finen op Fers2, 8 april 2018, http://fers2.eu/oars-sjen-meidwaan-oan-e-obe-postmamiddei/ . Ynstee fan yndruk op jo meitsjen mei myn sprekkers-bio fol betrouwensbrieven fertel ik jo de bijebio. Op ús balkontsje yn Amsterdam hiene wy in hiel soad bijen, fan wol seis ferskillende bijerassen. Wy hâlde it dêrom biologysk en blomryk, mar ferline simmer wiene der mar in pear bijkes, fan ien soarte. Dat komt in bytsje troch ús buorlju want dy stjoere de ûnrantbestriding derop ôf. Mar fan it ferdwinen fan de bij fan it balkon binne neon-ikotinoïden, de pestisiden dy’t it lêste jier yn in kwea ljocht kamen te stean, de grutste oarsaak. Neonikotinoïden skansearje it fermogen fan bijen om te learen en te foer-azjearjen. De bijen kinne min iten fine en geane stadich dea fan ’e honger. Massaal. Dêr giet it my om as wy it hawwe oer lânskip. It gedichtprosedee wie sa. Fan Postma is in gedicht keazen op ienfâld fan struktuer en diksje. Metaforen, klisjees en klangtapassing binne notearre. Yn balladefoarm is doe, fan ûnskuldich nei donker, in protestdicht skreaun. Dat is doe fuortsmiten. Moralistysk gedoch, jakkes. Dêmei binne mei it sykwurd “landschap” út de twa Fryske deiblêden, Ljouwerter krante en Friesch Dagblad, út it jier 2017, goed hûndert artikels (fan de 3000) pikt. Dêrút binne de eigenskippen en wurdearringsen fan lânskip sille. Ut de krigen wurdlist fan lânskipsrepresintaasje, mei ‘ferpeste’, ‘duorsum’, ‘klimaat’, ‘CO2’, ‘miljeu’, ‘(ferlies fan) bio-ferskaat’, ‘ferbining’, ‘Klaas Sietse Spoelstra’, ‘skries’, ‘wearde’, ‘stilte’, ‘identiteit’, ‘keunst’ en noch 200 faker opdûkende represintaasjes (‘lânskipspine’ is net fûn), binne de wurden dy’t gjin jambysk metrum hiene, skrast. Foar soks as de kar tusken betonpaad en asfaltdykje hawwe Abe en ik guon stekproefûnderfiningen bûtendoar opdien, mar dêr sneuvelen de beton- en asfaltfariant beide, as tefolle-Sybesma, respektivelik temin-Postma. Neist it wat preuveljende bylûdpatroan is de plotstruktuer fan Postma’s gedicht oernommen. It lânskip is, lykas sein, neffens de represintaasje fan ferline jier en ik wol graach Geart van der Meer en Tresoar betankje foar de ekstra nostalgy.

By it hûn-útlitten

Unike rêst, de wolkeloft hâldt moai,
Us terpdoarp is noch jeuchlik smel.
’t Is hûnheintiid, it bist, ’t wolwêzen dien,
Rint tradisjoneel ’t besongen seesicht del.

It noardlik plattelân leit dreamerich
Yn ’t sêft-dynamysk griene wynmûnljocht
En stil de klang fan ’t wettermonumint
Dêr’t âlde klaaigrûn mist’ge hichten socht.

No grimmet sfearfol leech de hûn,
Gjin folksliet út de Fikingtiid,
Mar kompinsearre skea-natuer:
“Genietsje fan it wrydske wiid.”

Dan sneupt er by it lûdskern om,
Unesco syn wrâlderfskip yn,
Nei ’t grien en sûn natuerbehear
Mei boere-finansjele pyn.

As hûnejong, wie greidbuork’rij net yntinsyf,
Monokultuer, mei dierber oerheidsjild,
Fan âlds it wetterpeil horizontaal;
De mienskip rûn yn ’t iepen fjild.

Fergrieningwet beskermet, wis; in park
Fol beammen en in meldpunt houtwâlkap.
Behâld fan tsiis en greidefûgeldoel,
Ferbett’re planning, *Friesch landschap*.

Hjir rûkt it útsjoch krekt nei skilderij,
Abstrakt fan sleatjespringen yn ’e rein,
Fan rekreëarj’ yn âld kadoferpakke styl
Belicheming fan tiid – en skries ferflein.

Klimaatferoarl’kens heart derby.
Dat giet ferwoast’ge it miljeu teloar?
Wurd wekker: libje yn identiteit.
De hûn rint duorsum foar.

Griist in bewurking fan lânskipspoëzy my oan? Nee. Falt dêroer te sjongen? Ja (oeral is oer te sjongen, sjoch mar nei de *heavy metal lyrics*: all the world’s a stage). ‘Lânskipspine’ <motto> as begrutlike wurdgrap op *Heimweh*, in ‘grutte revolúsje’ tusken 150 jier lyn en hjoed, in *implied author* dy’t wifet oer eigen kinnen en/of grinzen oan poëtikaliteit fan it tal kij - tûzen - en in suggestieve fraach nei ‘Frysk’ lanlik dekkor yn it jier 2018: de opdracht noege út ta omkearing fan ’e estetyk. Postma syn idylle → in dystopy. Syn arkadysk lânskip → in apokalyptyskenien. Alle doe tsjotterjende fûgeltsjes → no mei de poatsjes



fmr: Elmar Kuiper, Syds Wiersma, Friduwih Riemersma, Abe de Vries

omheech. Mar sa’n Mad-Max-yn-Fryslânoanpak prikelet net it omtinken foar poëzy. En de Fryske wizânsje is al sa lang om poëzy te sjen as ekskús foar omtinken foar de dichter, dy’t jierdei is en dêr’t se allerhanne nijtsjes fan fertelle kinne, as hiene se juster noch mei him yn ’e kroech sitten. Yn Postma syn postume sammelbondel is *vita maxima longa en ars brevis*. Postma’s poëzy mei-meitsje, dêrút wei woe ik in keatling fan reaksjes útlôkje.

Oer taal gean sterke ferhalen. Wurden sels binne nea wier. Dat hat gjin útlis nedich, mar in âlde fynst fan ’e psychology is: it ferwurdzjen fan eat makket it fansels wier. Taal tsjinnit it kategorisearjen. Wat jo yn in hokje triuwe dogge jo net ek yn in oar hokje. Om it nei it ynsetten fan taal - oer it barren prate of it opskriuwe - helder te hâlden yn ’e holle, oerskriuwt de kategory it oarspronklike oantinken. Oan eachtsjûgen ha jo neat mear nei’t se it ferslach fan har eigen ferhaal lêzen hawwe: *verbal overshadowing*. Postma’s “[F]an der Fear is alhiel in Amerikaan wurden. / Tegearre mei syn broer Piter hat er no 1000 kij” komt op papier yn 1960. Dus is it ‘wier’ yn 2018. Mar tusken 1970 en 2006 barde dit yn ’e Feriene Steaten <sifers fan de oerheid>. It tal pleatsen mei melkkij foel werom fan 648.000 yn 1970 nei 75.000 in 2006 en it oantal suvelkij mei-inoar gie omdel fan 12 miljoen yn 1970 nei 9,1 miljoen yn 2006, sadat de trochsneedkeppelgrutte omheech gie fan 19 kij de pleats yn 1970 nei 120 kij yn 2006 - lang lang lang gjin tûzen.

Ek oer lânskip geane wylde ferhalen. Lânskip soe ‘fryskeigen’ wêze, hoewol’t it Fryske lân foar it grutste part yn besit is fan it ynternasjonale bank/fersekeringswêzen en net fan ‘ús’. Lânskip soe ‘terapeutysk’ wêze, in eigenskip dy’t lykas ‘sense of place’ mank giet mei bungalowbou oan hieltyd optsjende stedsrânen. Lânskip soe net fetber wêze foar froulik belibjen en útlis, want steefest wurdt lânskip beskreaun as manlike ûnderfining, gewoanlik fan produksje, dus hoederseconomy, greidbuorkjen, lânbou, fiskjen. Postma’s “*eigen klei en keat*” ferwiist net nei eigendom fan froulju. De tûzen kij wiene net fan *frou* Fan der Fear. Noch altyd slút it lânskip de frou út, want <sifers fan it CBS> kobedriuwen dêr’t benammen froulju wurkje en dêr’t in frou it bedriuwshaad is meitsje 1,5 persint fan al dy bedriuwen út. Gjin wûnder dat wy ompakke mei útrûpellânskippen dy’t it soarchlânskip gjin skyn fan kâns jouwe. Tink oan it fuortjeien fan de skiephoeder mei syn âlde deikeppel fan rêstende skiep, ferline jier. Mar wa heart men deroer? Wy wolle it lânskip leafst slim gendearre hâlde: yn Holwert sille se in neakene pitspoes op ’e dyk delsmite, beslist net in bleate *beefcake*, passyf klearlizzend om ‘bedaard deltrape’ te wurden.

Lân is froulik liif; de manlike siele oarderet it en/want struit syn sied deroer. Lân is ferfroulike om’t it yn ’e tiid fan de romantyk, dy’t lân ta dichterstema makke, deselde kwaliteiten hawwe soe as de frou. Lân is “hjerstbereind”: húslik, from, sierlik, suver, leaf, freonlik, simpel, kreas en bleatsteld oan it (meast manlike) lot en (manlike) natuerwetten. Lânskip is foar ús westerlingen ynherint

lizzend: in bledside yn ’e lânskipsmodus leit plat, wat wy te tankjen hawwe oan de oarspronklike betsjutting fan lânskip as skoepen mei it (westerske) pinsiel. Yn ’e nije, net skilderkeunstige betsjutting is lânskip noch altyd lân dat net sasear foarme is troch natuerkrêften as troch kultureel yngripen. ‘Plat’ is in kulturele ideale sjenswize. Lânskip is in kultureel plaatsje. Lânskipreprentaasjes, meastal konstruksjes fan de massamedia - de grutste útdrager fan ’e dominante kulturele tinkbylden en bewurker fan ús kollektyf ûnthâld - foar in dield begryp fan lânskip-like ‘werklikheid’, binne altyd in kar út mooglikheden en dêrom ideologysk. Trouwens kultureel geografen, lykas Postma ien wie, sjogge faak it hiele idee fan kultuer as in ideology.

Sadwaande makket lânskip in ideologyske foarstelling mooglik fan minsken en dingen. De manier sa’t dy yn it lânskip ôfbylde binne lit ideologyen fan pikoarder en útsluting sjen. In freon, berne yn in agrarysk nêst op West-Java en opgroeid yn Drachten hie ris ferbjistere op ’e rem trape yn ’e bouhoeke. Boppe in blauwe overall tekene him tsjin de ûneinige ljochte loft in swarte holle ôf - like swart as sines. Sa’t praat wurdt oer lânskip, sizze geografen, is as in suver plak dat gjin ferskil herbergje kin. Dat de ynfloedrike fersprieder fan it idee fan kulturele lânskippen, Carl Sauer - Postma sil syn wurk kend ha - natuerlike folksaard brûkte om it plattelânlânskip en hoe’t minsken der mei-inoar libben te ferklearjen, fêstige in ideologysk fûnemint fan lânskipreprentaasje. Unesco tsjut, Sauer folgjend, it wrâlderfskip oan mei de dúdlik politike teneur fan organyske gearhing: lânskippen “drukke in lange en yntime bân út tusken *folken* en har *natuerlike omkriten*.”

Yn Postma syn ‘By it kij-opheljen’ jout it brekken fan de bân tusken it “folk” en syn “eigen klei en keat” in takomstleas lânskip. It is it lânskip fan alearen, in konvinsjoneel plaatsje, fan in plak dêr’t de sjonger fan hâldt en wierskynlik ek syn - foar in part stedse - lêzers. It is nostalgia. It is it faak kollektive ûnthâld, dat it ferline rjochtset foar brûkme yn politike arguminten, en it is it altyd selektive sabeare-ûnthâld. It is it bitterswiete longerjen ‘nei hûs’ earne oars of yn ’t ferline, dat al sa faak ûndersocht is yn ferbân mei konsumintisme, Brexit en oar retronasjonalisme, toerismemarketing en *sense of place* as oplossing foar de tanimmende *placelessness* fan it ekonomysk regearre lânskip. Dat allegearre nochris ûndersykje is sinleas. It punt is dat ‘nei hûs’ net kin om’t it plak net werklik is.

In polityk antwurd op Postma’s fers is in drege opdracht. Earst liede Postma’s romantyske ûnwrâldske fantasylânskippen om frede te finen, nei in apolitike sfear. Twad kin net genôch ûnderstreke wurde dat in gedicht in betsjutting as gehiel hat. It gedicht is net mar in fuotnoat by de ideeën yn ’e holle fan de dichter, dy’t fia syn faak net hiel bewuste yntinsje en fansels beheinde persona, klear op papier komme soene, as skreau er in metafysika mar dan op rym. En gedichten binne net fetber foar antwurden; de homearyske epen kenne gjin replyk. Tred is *Umwelt*

Postma's persoanlik trauma, yn 'e private sfear fan syn lyryk. Yn 'In nije tiid' hat de sprekker gjin moreelpolityk beswier tsjin agraryske skaalfergrutting, mar kleit er oer de estetyk derfan en dat op in egoïstyske manier: hy kin dêr net oer dichtsje. 'By it kij-opheljen' beslút mei in binnenmûlske, passive, helpleaze klacht, de delslach fan 'e psychyske steat fan âldmannigens, it leard hawwen dat wat barre sil altyd ûnbehearskber is, sadat jo wat komt slikke en tiid de wûnen hielje litte, oftewol, jo sille de ûnderstelde werklikens akseptearje, ynstee fan him te ferheisterjen mei publike krityk. Krityk mist dan ek.

Lykwols is fan de pastorale urtext 'Georgika', nettsjinsteande it klear realisme en de beskreaune spanningen en it doelpublyk mei kennis en macht, de politike strekking krekt nei 1700 jier fûn. Noch 1605 jier wachtsjen op Postma's krityske noat. Of oars sjen, seit Adorno. Lyryske poëzy is yndividueel, persoanlik, in typyske bourgeois utering fan ûnfrede, mei antinomyen lykas no↔takomst yn *commodity-foarm* - ek lânskip is ornaris foarsteld as *commodity*. Mar dêrom is lyryk net fansels sosjaal ûnkritysk. It lit, as jo just net as in sosjaalhistoarikus om yntinsje en ideology sykje mar de tekst nimme as subjektif en ûynylive, sjen hoe't de maatskippij seit te wêzen, mar net is. It lit sjen hoe't mediarepresintaasjes, en dêrûnder gedichte-*hypes* (mei stoeplyryk as iepenlike ferlieder), stjoere hoe't wy lânskip opfetsje en wurdearje en op watfoar manier wy it lânskip yn 'e gaten hâlde. Sadat wy it lânskip sjogge sa't wy it nea earder seagen, mar it dan nimme as Postma's lyryske "wy": as hie it nea oars west.